



EKSTEREAGEN

(Broeders bij nonnen waar zijn we aan begonnen)

Fleurich blijspul yn trije bedriuwen

fan

W.A. DE GROOT

Oersetting en bewurking

Hotze Karsten

TONEELUITGEVERIJ VINK B. V.

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **EKSTEREAGEN - BROEDERS BIJ NONNEN WAAR ZIJN WE AAN BEGONNEN** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **W.A. DE GROOT** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I. B. V. A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e. d) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I. B. V. A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I. B. V. A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I. B. V. A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e. d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www. ibva. nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I. B. V. A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I. B. V. A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op [www. ibva. nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I. B. V. A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I. B. V. A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3. 66. 44. 00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

Moederoverste-Braspenning - Strange Haadnon

Ludwina - Non

Bettina - Non

Dorotheé - Non

Clementina - Non

Kardinaal Koops - Kardinaal fan in Bisdom

Theodorus - Broeder en gast

Helmus - Broeder en gast (*Dôf*)

Leonardo - Broeder en gast

Madeleine - Stazjêre en in bytsje dom

Biskop Machielsen - Goekunde fan Braspenning

DEKOR:

Ald suterich kleaster mei twa doarren. De rjochter doar giet nei de keamer fan Moerderoverste. De lofter doar, de gong, nei de fertrekken fan de broeders en de susters. Yn de efterwant in bôge en dêr wer efter in glês yn leadrút. Dêrfoar hinget in tou foar it kloklieden. Rjochts foar in âld oargel mei pipen. Efterwand twa nissen mei grutte hillige bylden. Lofts foar in taffeltsje mei in krukje en foar it toaniel in grutte lange tafel mei dêrop in steatebibel en grutte steande steande kearsestanders mei kearsen. De wanden binne somber mei skuorren en it kalk rûgelet fan de muorren.

EARSTE BEDRIUW

(Yn it iepen portaal fan it kleaster (Efter) Is suster Ludwina dwaande om de klokken te lieden. Alle susters ferskine yn in rigele op it toaniel . M-O komt op en begjint te oargel spyljen en de suster begjinne sjongen (Gregoriaansk) . Nei skoftke rint M-O by it oargel wei en ropt: Oan't it wurk jimme en gau!! It oargel spilet noch efkes troch. Susters stowe fan it toaniel ôf en komme op mei harren materialen Ludwina, dy't kearsen oan it meitsjen is, dompeld regelmjittich in kears ûnder ien panne mei waaks. Bettine is dwaande en fult fleske mei wijwetter. Drothé sit te bordueren. Clementina op en giet oan'e tafel sitten te ierappel skiljen)

LUDWINA: Nee wol! It is dochs noch gjin iterstiid wol?

CLEMENTINA: Nee, noch net mar oer in heal oerke, bin ik safier. Werom fregest dat eins? Hast dyn wurk soms wer net ôf?

LUDWINA: *(Mei in djippe sucht)* Nee...noch lang net... Ik moatst fan M-O 1100 kearsen meitsje foar dy jurk út Rome.....Mar, dat rêd ik by lange net op!

BETTINE: *(Sjocht it ek net sitten)* No bist net de iennichste, want ik moat ek noch wol 800 fleskes folje mei it hillige wetter út Lourdes. Pfff.....

DOROTHÉ: Dan hiene jimme fan'e moarn, mar betider begjinne moatten!

LUDWINA: Noch betider? Ik wie om fjouwer oere al fan myn bêd en ha wol in heal oere oan it knibbelje west. Ik ha der gatten fan yn myn hoasen. En om fiif oere wie ik alwer oan it wurk. Mar dat wurdt hjirre tsjintwurdich net mear wurdearre! *(Slacht in krúske)*

CLEMENTINA: Sa is it mar krekt! M. O tinkt dat wy robots binne. Dy't jo moarns om fiif oere oan sette kinst. Sy lit dy net earder wer stopje, dan dat sy tinkt dat der genôch ferstjinne is! Dat minsk is in serpint! Gr.... *(Slacht in krús)*

DOROTHÉ: *(Yn de ferdigening)* Sa meie jimme net prate oer Moeder! Jimme witte ek wol dat sy der alles oandocht om hjirre de toutsjes oan elkoar te knoopjen!

LUDWINA: *(lilk)* Dat seisto alle kearen, ast oer ik wurk giet! Yn it begjin doe't ik hjir kaam, hoegde ik mar 300 kearsen deis te meitsjen, ferline jier wiene dat al 850, en no binne it al 1100! Ik ferdom it strak *(Eltsenien sjocht har oan en Ludwina slacht in krúske fan skrik)*

BETTINA: Sa is Ludwina! Wij moatte hjirre tsjintwurdich dei en nacht wurkje om alles klear te krijen. Ik frege lêstendeis om in nij BH.Dy

fan my is hielendal fersliten. Ik ha se no los yn it kninehok hingjen, omdat der gjin jild foar is! (*De oaren binne it mei har iens en knikke wakker*)

DOROTHÉ: (*Bot*) Nee, fansels is dêr gjin jild foar! Phoe, in BH.... Wat moat men mei switterich ding. Ik lit se ek luchtsje....

BETTINA: (*Resolút*) Do neat, gjin BH? Dat hasto ek net nedich mei dyn teepûdsjes fan dy. Mar, as ik hjirre noch langer yn dit ferslieten ding omrinne moat, dan hingje myn boarsten meikoarten like slop, as in linetried. Dan hingje se by my oer de skuon hinne..

CLEMENTINA: (*Mei iens*) Krekt! En in BH is net it iennichste wat men hjirre net kriget. Ik soe ek wol in mobyltsje ha wolle krektlyk as elstenien op'e wrâld. Mei de tiid meigean. Trouwens it iten dat wy hjirre krije dêr wol noch net ienris in hûn in bek op sette.

DOROTHÉ: (*Yn de ferdigening*) Dêr ha ik oars neat fan murken! Nim no dizze Paryske ierpeltsjes fan de lêste dagen, dy wiene dochs hearlik?

CLEMENTINA: (*Falsk*) Dat wiene gjin Paryske ierpels, Dorethé, mar gewoane bintsjes, dêr't ik de rottoge plakken fan ôf snien ha!

DOROTHÉ: No geane jimme echt te fier, sa slim sil it dochs net wêze?! It falt allegearre wol in bytsje ta!

CLEMENTINA: Soa ja...! Ik bin der wis fan, dat de ierpels dy't M-O tjintwurdich foar ús meinimt, mear hier hawwe as de paus op syn kop. (*Slacht gau in krúske*) As ik de sek net goed tichtknoopje, dan dogge se út harren sels de keldersdoar iepen! (*hâld in ierappeltsje omheech as bewiis*) Sjoch, en sa binne se no allegearre. Ik moat sawat in kuorfol ierpels skile om ien skiterch pantsje fol te krijen! Smyt lilik, mei in plons in ierapel yn in amer mei wetter)

DOROTHÉ: (*Miskien wie it fan it jier wol in minne ierappel tiid, troch al dat reinwetter dat der de lêste tiid fallen is, of troch it op waarmjen fan de ierde!*)

CLEMENTINA: *Dêr leau ik gjin kloaten!* (*Slacht in krúske*) As ik M-O freegje soe, dat ik sels de boadskippen helje mei, dan wit ik foarút wol wat sy seit! (*Giet stean mei de hannen yn de side, holle omheech en boarst foarút*) "Sis, wa tinksto wol wa asto bist! Ik bin hjir de baas, ik gean oer it jild. En dêrom doch ik de boadskippen!! Ikke en gjinien oars, begrepen! Ikke en nochris ikke!!"

BETTINA: kloppet en wy moatte alles mar slikke!

LUDWINA: Sis, wat fine jimme hjir fan, as wy no ris in mail stjoere nei de Paus? Of in brief nei Kardinaal Koops?

DOROTHÉ: (*tinkt nei*) In mail kin net, want wy hawwe gjin kompjûter. En op myn âlde mobyl sit gjin ynternet, dêr kin ik allinne mar muzyk op ôflústerje. Mar, wat foar in brief wolsto dan skriuwe?

LUDWINA: In protestbrief, fansels. En dêr skriuwe wy yn, dat wy as slaven hjire behannele wurde.

CLEMENTINA: (*Mei iens*) Ja, en wy skriuwe oer it minne iten....

LUDWINA: Dat it net te fretten is!

DOROTHÉ: Dat wy gjin ynternet en kompjûter hawwe...en...

BETTINA: En dat ús BH's oan de tried ta ferslitten binne, dat moat der absoút yn, hear! (*Dan falt der in stiltme en sjogge allegeare nei Bettina*)

LUDWINA: No Bettina, ik leau net dat wy de kardinaal, dêrmei lêstich falle moatte, oer de tastân fan ús Bh's. Hy hat noch nea in BH yn syn hannen hân, tinkt my....

DOROTHÉ: Ik fyn dat wy de de kardinaal hielendal net lêstich falle moatte mei dit soarte fan ûnbenullichheden!

CLEMENTINA: (*Lilk*) Dit binne gjin ûnbenullichheden, Dorothé! It ienige wat hjir yn it kleaster ûnbenullich is, dat binne de ierapels dy't ik skyl. (*smyt wer in ierapel mei geweld yn de amer*)

BETTINE: Ho ris efkes, wat tinke jimme fan it feit dat Dorothé gjin BH nedich hat?

DOROTHÉ: (*Beledige*) No sis!

LUDWINA: Dêr giet hjirre net om Bettina... As wy in brief skriuwe oan de kardinaal, dan moat dy koart en en saaklik opsteld, dêr giet it om! Ik sil der fan jûn noch oan begjinne.

CLEMENTINA: En ik sil dy dêrby wol helpe. Ludwina. (*giet stean en pakt har spullen*) Mar, no sil ik earst de ierappels opsette en it slaad waskje. (*ôf*)

BETTINA: Harre krammele, alwer slaad? Dat is dan hjoed foar de njoggen en tweintichste kear op rigele. Bin gjin knyn!

CLEMENTINA: Noch twa dagen, Bettina... dan is de moanne wer om en dan begjinne wy oan de earten, ek tritich kear.

LUDWINA: Earten...Bah! (*Mei in fiis gesicht*) De grize giet my oer grouwe! Kin dat no wier net oars?

CLEMENTINA: (*M-O neidwaan*) "Wat tinksto wol net! Ik bin hjir de baas, ik gean oer it jild en dêrom ik hjirre de boadskippen" (*Sil efter ôf, as krekt M-O op komt. Bettina en Ludwina geane hastich wer oan it wurk*)

M-O: (*Strang*) Wêrom wurdt der hjirre net troch wurke?! Lyk as ik jimme opdroegen ha!?

DOROTHÉ: (*Underdienich en flaaikjend*) Se sieten werris oer it iten te klaaien en mear fan dat soate fan saken, Moeder. (*Falske blikken fan de oaren nei Dorothé*)

M-O: Soa, is dat sa? En wat mankearret der oan it iten, as ik freegje mei?

CLEMENTINA: (*Bretaal*) No, de ierappels binne sa rottich as prûmen, om samar te sizzen. Boppedat ite wy alle dagen it selfde. En wy binne ek ta oan nije B...

M-O: (*Mei takt*) Tsja, as jimme no ynstee fan sa te klaaien, ris wat hurder oanpakten, dan koene wy faaks ek wol oar en better iten keapje en oare saken dy't nedich binne. Mar,nee hear, klaaie, eamelje en sangerje dat dogge jimme leaver. Dêrtroch komt der te min jild binnen foar iten en oare saken. Sûnder jild gjin iten!

CLEMENTINA: (*Erchtinkend*) Neffens my moat der jild genôch wêze, allinne wurdt it faaks ferkeard bestege, ynpleats fan iten en dingen dy't wy noadich hawwe. Ik soe wol in mobyltsje ha wolle en

M-O: (*Fûl*) Sis, wat tinksto wol net!? **Ik** bin hjir de baas, **ik** gean oer it jild en dêrom doch **ik** boadskippen, begrepen!!

CLEMENTINA: (*Nidich*) Jawol hear.... It is my folslein dúdlik! (*Of*)

DOROTHÉ: (*Flaaijend*) Wat is sy lêstich net, Moeder, die Clementina?

M-O: Sis dat wol, ja! Sy hat hat har lêste dagen yn dit kleaster sitten! Wat ik dy, sis!! (*Hiel lûd*) **Ik** bin hjir de baas, **ik** bepaal hoe't it hjirre om en ta giet! (*Dan lilik tsjin Ludwina en Bettina dy't noch steeds net oan it wurk binne*) En jimme!? Wêr sitte jimme op te wachtsjen!? Oan it wurk ha ik sein! No!! (*L en B geane gau wer oan it wurk. Dan leaf en aardich tsjin Dorothe*) En do Dorothe...? MMM... Hoe fier bist al mei dyn borduerwurkje?

DOROTHÉ: (*Unskuldich*) Ja nim my net kwea ôf, hear, Moeder... mar fanwege al dizze tastannen,hjirre,bin noch net sa bot opsketten.

M-O: Dat hindere neat hear... Moarn is der wer in dei,soe ik sizze.... Mmm... ja dochs?

DOROTHÉ: Ik mei it hope... (*Gebeart dat sy M-O efkes apart sprekke wol. Tegearre geane se links ôf. Der folget in ûnfersteanber gesprek. Dorothe gebeart hieltyd rjochting Ludwina en Bettina. Nei in skoftke*)

M-O: Soa!! Der sil hjir dus in brief skreaun wurde, ha ik ûndutsen!? (*Ludwina en Bettina doarre M-O net oan te sjen*) En dat oan Kardinaal Knoops noch wol! (*Dan lilik*) Wa kaam der op dat idee!? No sis op! No?

DOROTHÉ: (*Wiest nei Ludwina*) fan har, Moeder..... Sy wie it die...

M-O: Stil!! Ik wol it út harren eigen mûle hearre, ferstien!? No, sis op,wa sil der in brief skriuwe!? (*Ludwina sjocht spjochtich nei Bettina, dy doart har net oan te sjen en stoarret nei de grûn en giet fierder mei it foljen fan de fleskes. Troch de senuwen barget sy mear bûten as yn de fleskes. M-O is pûr lilik*) No, komt der noch wat fan...? Ik frege wa't hjirre in brief skriuwe sil!?

LUDWINA: (*Skamsum en hast net te hearren*) Ik soe it dwaan.....

M-O: Dat haw ik net goed ferstien... Sis dat noch ris!

LUDWINA: (*Giet stean mei de holle foaroer*) Ik soe in brief oan ús kardinaal stjoere.....

M-O: (*Pûr lilik*) Do? Dat falt my hiel bot fan dy tsjin!! Do.... dy't ik altyd

...

BETTINA: (*Giet ek stean en ûnderbrekt*) Nee.... Sy net allinne... Wy soene meielkoar in brief skriuwe... No, ja...útsein, Dorothe, fansels, dy hat it al drok genôch om ús te ferrieden. (*Clementina op troch de efterdoar*)

M-O: (*Gemien en fol minachting*) Tsjonge, jonge wat binne jimme earne sielen! God, mei my beskermje (*Slacht in krús*) En wa seit jim dat de Kardinaal jimme leauwe sil? (*It is efkes stil, dan seit Clemetina resolút*)

CLEMENTINA: Ik!

M-O: (*Mei minachting*) Do...?

CLEMENTINA: Ja, ik ja! Want as hy in echte christene is, dan wit hy ek dat der yn de bibel stiet: "Hebt uwe twee naasten lief". (*Slacht in krús*) Mar, wat der hjirre allegearre bart, dat mei der yn de fierste fierte net op lykje!

M-O: En wêr basearrest do dat op?

CLEMENTINA: Op jo! Wy moatte hjir wurkje oant wy der dea by del falle...En wat krije wy der foar werom? Neat, hielendal, neat. Sels gjin nije BH's en ...

M-O: (*Lilik*) Neat foar werom...? Neat foar werom...? En it iten dan?

CLEMENTINA: Iten.... Wat foar iten...?

M-O: No, eh.... Bôle, ierappels, eh griente en eh....

CLEMENTINA: Ja, toe mar, gean fierder....

M-O: Ik hoech net fierder te gean, om't wy dochs net mear betelje kinne! Dêrom!

CLEMENTINA: Krekt, dat bedoel ik no...! Wy binne fan betinken... (*Twifelet efkes*) No, ja útsein Dorothe dan, dat der mear mooglik wêze moat mei jild dan dat wy fertsjinje, as allinne mar bôle, ierappels en griente!!

M-O: (*Skeptysk*) Soa ja...en wat dan wol net?

CLEMENTINA: No, bygelyks in mobyltsje, of nije BH's of om it simpel te hâlden in gehakbal. Salang ik hjirre as non bin, ha ik hjirre noch nooit in gehakbal op tafel sjoen!

M-O: Dêr hawwe wy gjin jild foar en foar dy oare flauwekul alhielendal net (*Slacht in krús*)

LUDWINA: En tsiis, foar op'e bôle?

M-O: Tsiis?

LUDWINA: Ja, tsiis..ja! Dat giele spul witte jo wol....? (*Freget dan twifeljend oan Clementina*) Sis, it dochs wol giel, is it net sa?

LUDWINA: Sa is it! Soks koest op'e bôle dwaan. Mmm.... dat wie nochris lekker? Waauww...

M-O: Tsja...dêr is spitigernôch ek gjin foar!

BETTINA: (*Bretaal*) En hoe sit it dan mei ús BH's? Krije wy sa njonken lytsen ek ris in nijenien?

M-O: (*Ferheard*) Binne dy fan jimme dan no alwer fersliten?

BETTINA: (*Rekke*) Nee, it is net alwer fersliten, mar noch hieltyd fersliten...! Ik draag al jierren de selfde BH! Mei slútspjelden, knipers moat ik de boel byelkoar sjen te hâlden! Duorret net lang mear dan hingje myn boarsten my op'e knibbels....

M-O: Moai, salang it dy noch slagget om de boel byelkoar te hâlden, is der gjin inkle oanlieding om nije BH's te keapjen! Wat, wy kinne better ús jild oan oare dingen besteegje, dan oan kompjûters, BH's en iten!

CLEMENTINA: (*Erchtinkend*) Jaa...oan dy geheime pakketsje dy't jo fia de post tastjoerd krije, seker?

M-O: (*Fûl*) Dêr is neat gjin geheimsinnich oan! Dy pakketjes binne privee... ja dat binne se en oars net!

LUDWINA: As it dan gjin geheim is, wêrom meie wy soks dan net witte wat dêr yn sit?

M-O: (*Wiidweidich*) No..., gewoan.. eh.. lektuer... út it Vaticaan en mear fan dat soarte dingen. Ja, dat sit der yn! (*Ynienen*) Ja... en lesmaterialen foar stazjêres. Dat wy my ek wykeliks tastjoerd wurdt.

LUDWINA: Heu... It is al tiden lyn dat wy foar it lêst in stazjêre sjoen ha. Mar, like goed komme dy pakketjes alle wiken.

BETTINA: Ja, ek noch wol per oantekene post! As wy no in kompjûter hiene, dan hiene jo alles per mail ûntfange kinnen!

M-O: Sa dogge sy dat by it Bisdóm en sûnder kompjûter. Mar, no't wy it oer stazjêres hawwe, lit it no hiel tafallich wêze dat der hjoed wer in nijenien by komt.

CLEMENTINA: En wêrom witte wy dêr neat fan?

M-O: (*Ta Dorothe*) Dat hie ik dochs wol tsjin dy sein, Dorothe?

DOROTHÉ: (*Ferheard*) Tsjin my....?? Ik wit fan neat!Jo ha allinne sein dat...

M-O: (*Wurdt troch M-O op ernstige toan ûnderbrutsen*) Jawol Dorothe! Ik ha it wol tsjin dy sein! Do silst it wol fergetten wêze om it troch te jaan!

DOROTHÉ: (*Ferheard*) Ooo...ja... jaaaa? ?

M-O: (*Strang*) Ja!! (*Jout Dorothe in stomp*)

DOROTHÉ: Ooo...ja, ja dat kloppet, ja...Jo hawwe it my wol ferteld, mar ik ha it gewoanwei fergetten troch te jaan.... Sa is it. Stom fan my!!

M-O: Sa, sjogge jimme no wol...? Wy sitte in bytsje krap by kas, mar wy hâlde teminsten neat foar elkoar efter! Dêrom,lês ik tenei alle úgeande post, foardat dy de doar út giet! Noch fragen?

DOROTHÉ: (*Flaaikjen*) Ja, hoe hjit dy nije stazjêre, Moeder?

M-O: (*Sjocht Dorothé fersteurd oan*) Madeleine, mar dat hie ik dy dochs al ferteld, Dorothé? (*Tsjin allegearre*) Oh... en lit ús dit ôfprate, Madeleine hoecht neat te witten fan ús probleemkes fan hjirre! Goed ferstien?! (*Allegearre knikke*) Moai sa, dan winskje ik jimme aanst smaakelik iten ta. Oant fan'e jûn! (*Of*)

BETTINA: (*Ferromme*) Sa dy is fuort!

LUDWINA: (*Lilk op dorothé*) Ja en no is ús kans om in brief te skriuwen ek bekeken. Do wurdst fan herte betanke, trut!

CLEMENTINA: No rêstich mar Ludwina! Us kans komt noch wol. Litte wy no earst mar ris sjen, at wy it in bytsje gesellich meitsje kinne kinne foar Madeleine, dan prate wy nei it iten wol fierder.. (*Skrikt*) Oei.... it iten!! Dat wie ik hielendal fergetten. Myn ierappels!! (*Of*)

BETTINA: Neffens my krije wy hjoed oanbrânde ierappels...

CLEMENTINA: (*Op mei in rikjende panne, dy se gau op tafels set*) Oh shit! Net bêst!

LUDWINA: (*Tilt it deksel fan de ierapel panne.Bettine seit beteutere*) As ik sa dizze situaasje oer sjen kin, bin ik bang dat wy it hjoed allinne mei slaad dwaan moatte!

LUDWINA: (*Tsjin Bettina*) Wat ha ik dy sein?

DOROTHÉ: (*Bazich*) Ja dat komt der fan, hin! Jimme dogge oars neat as klaaie, dat sadwaande hawwe wy hjoed gjin fatsoenlik iten op'e tafel!

BETTINA: (*Lilk*) Hâld do asjebleaft dy de smoel ticht! Do hast hjoed al mear as genôch sein!

DOROTHÉ: (*Pûr lilik*) Ik sis, wat ik sizze wol en wannear ik wol, ja! As jimme noris hurder oanpakt hiene,dan hiene wy gruttere ierappels keapje kinnen,guon dy't net yn twa minúten oanbaarne.... !! Dúdelik?!

CLEMENTINA: (*Fûl*) Soa ja, hoe stiet it der mei dy foar, ik bedoel mei dyn wurk!?

DOROTHÉ: (*Holle omheech*) Myn borduerwurkjes binne altyd moai op tiid klear en no do!

CLEMENTINA: No, ja fansels, ek al dochsto in jier oer sa'n borduerwurkje, dan wurdt der noch neat fan sein!

DOROTHÉ: (*Oergeunstich*) Ik en wat dan noch...? Ik krij gewoan de tiid om it hiet sekuer en ferantwurdlik wurk leverje moat. Dêr komt noch by, dat der op ús jierlikse bradery, in soad fraach nei myn wurk is. Myn wurk ferkeapet poer bêst! Hu..

BETTINA: (*Mei spot*) Ja logysk, dat komt omdat se sa seldsum binne!

LUDWINA: Sis! Ynstee om ús drok te meitsjen oer dy domme, ûnnoazele borduerwurkjes út it jier nul, kinne wy ús better ôffreegje, hoe't it mei it iten komt.

CLEMENTINA: (*Pakt de ierappelpanne*) Ik sil sjen oft ik de measte swarte plakken der wat fan ôf snije kin. Bak ik de rest wol op. (*Sil ôf*)

DOROTHÉ: Hâldst der wol rekken mei, dat wy aansen mei ús fiven binne?

CLEMENTINA: (*Yn panyk*) O, hea, dat is ommers ek sa! Dy stazjêre yt fansels ek mei.. No, ja ik sil sjen wat ik noch dwaan kin. Ik sil myn bêst dwaan! (*Of*)

BETTINA: Sille wy dan yntiids ús spullen opromje en de tafel klear meitsje. Ludwina?

LUDWINA: Ja dat kin, wol suster Bettina. (*Giet oerrein en sil oan it wurk. Sjocht Dorothé oan en freget*) Helpst ek efkes mei, Dorothé?

DOROTHÉ: (*Skriemerich*) Nee, dat is better fan net. Ik ha hjoed wer sa'n freeslike lêst fan myn ekstereagen. (*Fielt mei in pynlik gesicht oan har fuotten*)

BETTINA: (*Leaut it net*) Dêr wie oars niiskrekt neat fan te fernimmen, doe't Moeder overste hjir wie!

DOROTHÉ: Doe hie ik der ek noch gjin lêst fan, it is no eins krekt begûn!

BETTINA: (*Leaut har net*) Hoe kin soks no? Ekstereagen dogge net samar ynienen sear.... Do hast se wol, of do hast se net! Ik ha der noch nea fan... (*Wurd't ûnderbrutsen troch Ludwina*)

LUDWINA: Lit har mar gewurde, Bettina. Dy ekstereagen fan har, dogge allinne mar sear as it har it beste útkomt. (*Binne ûndertusken drok dwaande om de tafel klear te meitsjen mei servys en itensark. Dan giet de skille*)

DOROTHÉ: (*Springt op en rint sûnder problemen nei de doar. Ynienen betinkt se har. Dan strampelt se by elke stap dy't hja docht*) Au... au... (*Of*)

BETTINA: Dêr silst de nije stazjêre ha...! Wat wie har namme ek alwer?


LUDWINA: Sa goed as ik wit, Madeleine.

BETTINA: O ja Madeleine! No, ik hoopje mar dat sy it hjir in bytsje nei it sin ha mei.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto